

At wy kieze foar "sappe" is it faaks ek wol aardich om " per ûngelok " efkes te "sappen" nei de stjoerder "Wommels.

Op dat stuit is it "RAD fan Frustraasje" der foar mei dêr yn immen dy't frustreeard is dat der yn Wommels net in klup is.

Ik haw yn grutte linen oanjûn hoe't dat der útsjen kin.

It kinne noch genôch oanpast wurde. (aant)

Konferense

Ja minsken ik bin bliid dat jim hjir allegear binne en dat jim net nei it feest yn Easterein binne. Dat dogge jo as Wommelser dochs net. Je ride der troch, je sjogge in kear by de optocht en helje der in famke wei at der oars neat is mar feestfiere. Nea.

Want ik as Wommelser moat dochs efkes wat kwyd.

Dat feest fan hjoed en juster dat liket dan wol in feest fan Easterein, mar it is mear de misser fan Wommels.

Want wês no earlik : VVO hie wêze moatten FFW.

Fuotbal feriening Wommels en omkriten.

Want nim my ien doarp yn Fryslân mei mear as 2000 ynwenners sûnder in fuotbalklup.

Elk gat yn Fryslân hat syn klup : Achlum, Arum, Dolsterhuzen,

Nijlân, ja sels Ealahuzen mei syn pear hûndert ynwenners.

Ja echt, it roait igge noch seam.

De gemeente hat goed fout west yn dy tiid.

No wit ik wol se hawwe der yn Wommels alles oan dien om dat fuotbaljen te kearen.

De Terp: at je dêr opkomme dat is it selde as aaisykje op Skrok.

Ja hynders meie der wol op (foaral fan Eastereinders) mar fuotbalje nee.

Sa hie de gemeente dus eigentlik al in belied dat it fuotbaljen tsjingiet. Alle kearen waard in fjildsje oanwiisd, wêr't men trije moanne letter begûn te bouwen.

Wy hiene der meast krekt in pear peallen de grûn ynslein of der kaam de heynstallaasje al wer oan. It hiele doarp binne wy troch west.

Net allinne de gemeente wurke tsjin ek de keatsferiening yn Wommels. Dy docht der alles oan om dat fuotbaljen dwers te sitten. Je meie op dat fjild net iens op fuotbalskuon keatse.

Dat hat neat mei it fjild te krijen. Mar mear mei it idee fan it bestjoer hjir dy't tinke: at dy Wommelsers ien kear fuotbalskuon hawwe dan geane se ek noch fuotbaljen.

Nee dat fuotbaljen yn Wommels waard neat.

En der wie in talint yn Wommels: net te leauwen. Allegear ferlern gien.

Sa wisten jo dus: at je yn Easterein berne wurde dan geane jo op fuotbalje.

Komme jo yn Reahûs op e wrâld dat sil it wol folleybaljen wurde, en at je yn Spannum berne wurde dan bliuwt der neat oars oer as kuorkebalje.

Nee gjin grappen oer it kuorkebaljen, dochs bin ik bliid dat myn heit dy't yn Spannum berne is, wurk krige op in suvelfabryk.
Hie dat yn Easterein west dan hie ik fanôf myn 10de fuotballe.
Dan hiene myn talinten net ferburgen bleaun.
En no wie it nei Wommels sadat wy wol keatse moasten.
En al ús aksjes yn Wommels om in fuotbalfjild (net iens in klup) hiene earst gjin sukses.
Wy hawwe foar it gemeentehûs stien te razen doe't we wer fan de Terp stjoerd waarden.
Der waarden tasizzingen dien mar it sloech hast in generaasje oer.
Ja op lêst sei men der is in stikje grûn oer,
Men wist doe al dat men dy grûn pas yn 2000 brûke hoecht moast, om Nijstapert út te wreidzjen, sadat der earst wol in fjild op komme koe.
In prachtich fjild, ek hiel handich mei dy grutte fearten en de fiver deromhinne (dat wie mei it each op de huzen al fêst oanlein)
Sa kaam der in fjild yn Wommels en ik tink ek in hiel soad leden mear yn Easterein.
Want de jeugd fan Wommels koe no teminste tsjin in bal oanskoppe op it echt fjild mei echte doelen.
No dat wie foar ús prachtich. Fuotbalje yn eigen doarp.
Foar de Eastereinder in ramp. Lid fan SDS Easterein en dan fuotbalje yn Wommels. Doe hiene wy in klup meitsje moatten.
SDS wie ryp foar de sloop.
En wat wie dat in moaie tiid: dy Eastereinders dy't nei Wommels moasten om te fuotbaljen.
Taske efterop (by wize fan sprekken fansels) want se geane fansels allegear mei de auto.
Dat fjild yn Wommels hie wat.
Jo koene dêr altiten fuotbalje.
Wiet of droech waar, it fjild wie goed.
At it Easterein ôflost waard dan wisten je hast wol seker dat it yn Wommels trochgie. Dan kaam it earste te oefenjen yn Easterein.
Ja dan wiene wy wol goed genôch.
En de tee wie yn Wommels beromd.
Ynskonken troch Jan Kutsje of Douwe Kratsje. En as je goed priuwen dan koene je de tee priuwe.

Mar de pest fan dit fuotbalfjild yn Wommels wie dat se dat yn Easterein net hawwe koene. Sy tochten doe at se Wommels begjinne te fuotbaljen dan begjinne wy te keatsen. En ferhip se begûnen hieltiten better te keatsen.

No hie ik dêr ek wol frede mei it feit dat Wommels fansels it keatsdoarp bleau en Easterein it fuotbaldoarp

Oant 1992; Easterein wûn de Freuleparty.
3 jonges dy't fuotballen by SDS dy't yn Wommels de Freule wûnen.
Dat wie sûndermis in djiptepunt foar Wommels.

Fan of dat momint woene wy dy Eastereinders hjir net mear te fuotbaljen hawwe. Se soargen der mar foar dat se der in fjild by krigen. Mar moai yn Easterein bliuwe.

Wy fan Wommels namen wraak. It jier derop wûnen wy de Freule enwaard SDS kampioen.

Sa wiene de ferhâldingen wer goed.

Wy fan Wommels krigen in swimbad. Dat moast de sporters dochs yn eigen doarp hâlde kinne.

En Easterein is fansels wol it fuotbaldoarp wurden fan de Greidhoeke.

Frjemd. Dy kuorkeballers út Spannum dy't troch de koer foelen gyngen ek fuotbaljen, de folleyballers út Reahûs dy't tsjin it net sloegen setten ek of nei Easterein.

Ja sels de fiskers fan Hidaard dy't efter it net fischen, de ljeppers fan Winsum dy't fierder springe woene as de pols lang wie kamen yn Easterein te telâne.

Eb de biljerters fan Lollum dy't meast mis stjitten skeaten rekken yn Easterein.

De hurdriders fan Rien dy't in skeve reed riden, de Hartwerters dy't neist de want spuiden en de lensers dy't ek wol ris tusken de minsken wûnen, se gyngen allegear fuotbaljen by SDS.

En de gemeente mar meiwurkje.

In fytspaad fan Wommels nei Easterein allinne foar it fuotbalje.

Noch in gelok dat je it ek brûke kinne foar Easterein nei Wommels foar nei it swimbad. Mar dat hat nea de bedoeling west.

Mar no binne wy 1997. En ik skamje my dea.

Alle kear at ik sis dat ik op fuotbaljen sit freget men hoe't dy klup hjit.

Dat sis ik dat it net yn Wommels is mar yn Easterein by SDS.

En dan moat ik wer útlizze dat Wommels gjin klup hat.

En dan freegje je se altiten hoefolle ynwenners binne der dan

en at ik dan sis 2000 dan snappe se der neat fan.

Ik haw myn nocht fan dy fraach:

Ik sil te nei sizze

Ik fuotbalje by SDS yn Easterein en dat is aldermoaiste klup yn de Greidhoeke en dat hoechst foar my net oars, want wat hawwe jo no oan in klup as Achlum,

Tsjom of Nijlân yn klasse 6k of 7r fan it sneonsfuotbal